

As je sjogge dat
in hazze hurder
rinne kin, lit
him dan gean

Op e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



Ald stimpelhofje giet nei Hylpen

Hokje fan eardere 'IJsclub Oosterwierum' kaam by it opromjen fan souder foar it ljocht

pagina 3>



Biljarttitel giet nei Boalserter

Foar it earst yn 33 jier wurdt dielnimmer út B-klasse kampioen fan Littenseradiel

pagina 3>



Houliksfeest foar echtpear Spannum

Auke Valkema en Hinke Klijnstra joegen elkoar 60 jier lyn ja-wurd yn Wommels

pagina 5>

COA en Littenseradiel oneens over Resi-pand

Wommels - De gemeente Littenseradiel en het Centraal Orgaan opvang Vluchtelingen (COA) zijn het oneens over de opvang van vluchtelingen in het voormalige Wooncentrum Resi aan de IIsbaan in Wommels. Volgens burgemeester Johanneke Liemburg houdt het COA vast aan minimaal driehonderd vluchtelingen, terwijl de gemeente niet verder wil gaan dan maximaal tweehonderd. Driehonderd is voor de gemeente onaanvaardbaar en bij minder vluchtelingen wil het COA het plan niet doorlaten gaan.

Door Hinne Bokma

Het plan om vluchtelingen voor de periode van maximaal twee jaar onder te brengen in het Resi-pand stuit vooral bij de ondernemers op het bedrijventerrein De Banen op weerstand. „Wees een wijze raad en doe dit niet”, zo zei ondernemer Wietse Lighthart tijdens het Rûntepetear. „Het vluchtelingenprobleem zal maatschappelijk moeten worden gedragen. Echter zal de impact groter zijn op de gemeenschap van Wommels

en omstreken en het bedrijfsleven op het bedrijventerrein dan wordt voorgesteld”, zo gaf hij aan.

„Ik bin bang foar skea en it ferlies fan klanten”, merkte Tjerk Wiersma op. Ondernemer Johan Kooiman gaf aan dat er nu maar een paar mensen op De Banen wonen en dat het bedrijventerrein overspoeld wordt met vluchtelingen. „De ferhâlding komt skeef te lizzen.”

De onrust onder de ondernemers in het dorp was voor de ondernemersvereniging reden om maandagavond in It Dielshûs een bijeenkomst te organiseren. De bijeenkomst, die werd bijgewoond door zestig mensen, heeft volgens voorzitter Grietje van der Velde wel een deel van de onrust weggenomen. „De ûnrêst is der noch wol, mar it is minder”, zo verklaarde zij na afloop van de bijeenkomst. Burgemeester Liemburg was aanwezig om vragen te beantwoorden. Ondernemers hadden wel het gevoel dat er naar hen geluisterd werd. „It wie in positieve iepen jûn”, aldus Van der Velde.

Pagina 3: 'It foar flechtlingen it bêste plakje yn hiel Littenseradiel'

Kerk koopt in Wiuwert huis voor opvang vluchtelingen

Wiuwert - De protestantse kerk De Slachsang in Britswert, Wiuwert en Easterwierrum heeft besloten aan de Swaenwerterdyk 1 in Wiuwert een gezinswoning aan te kopen voor het onderbrengen van een vluchtelingengezin. De woning is geschikt voor het onderbrengen van gezin met een verblijfsstatus. Hiermee wil de kerkenraad zijn steentje bijdragen aan de vluchtelingenproblematiek. „It

moat in foarbyld wêze foar alle oare doarpen”, zegt initiatiefneemster en ouderling Jeannette Reen uit Wiuwert.

De woning, die naast de kerk staat, is al vijf jaar te koop. „It is in prachtich moai hûs, geskikt foar it ûnderbringen fan flechtlingen”, aldus Reen. Afgelopen maandag zijn de inwoners over het voornemen van De Slachsang geïnformeerd.

Londen '68 dizze simmer yn notarisút yn Jorwert

Jorwert - It Iepenloftspul Jorwert bringt dit jier Londen '68. It is de Jorwarter bewurking fan de film Made in Dagenham. De premjêre is op sneon 27 augustus en der wurdt spile oant en mei sneon 24 septimber. De kaartferkeap set úte in op woansdei 1 juny.

It Iepenloftspul Jorwert fan 2016 spilet him ôf yn 1968, yn Londen. Rita O'Grady wurket, lykas in protte minsken út de stêd, yn de autofabriken fan Ford yn de wyk Dagenham. Neist de tûzenen manlike wurknimmers steane der ek 187 froulju op de leanlist. Mar wêrom, freget Rita har ôf, krije de

manlju mear betelle? Is it om't it manlju binne?

Rita wurdt it gesicht fan de froulju dy't yn opstân komme om in ein te meitsjen oan dizze brike ferhâlding. Wat folget is in striid dy't in wereld fan ferskil meitsje sil foar de rjochten fan froulju.

Londen '68 is in humoristyske, eigentiidske teatrale werjefte fan de striid dy't froulju yn it Londen fan 1968 oangiene. In slach dy't de wrâld feroare. Yn it spyljen komt nei foaren dat it net inkeld kontroverse is tusken manlike en froulike personaazjes, mar ek tusken de akteurs ûnderinoar.

Natoerminken teloarstelt oer aaisykferbod In stek yn it hert fan de fjildman



Gerard van Asselt (links) en Eddy de Boer op harren plakje, dêr't se sa graach wêze meie.

Easterein - Oars naam Gerard van Asselt út Easterein sa healwei maart twa wiken frij om it lân yn te gean. Dat sil er dit jier net dwaan. Miskyn in pear dagen om it earste ljipaaï fan de fûgelwacht fan Easterein te finen. Dat aaike mei er lykwols net mei nimme. Foar it twadde jier efterinoar jout de provinsje Fryslân oan de Bond Friese Vogelwachten (BFVW) gjin tastimming om ljipaaïen mei te nimmen. „In stek yn it hert fan eltse fjildman”, seit Gerard.

Troch Hinne Bokma

Mei Gerard (34) en Eddy de Boer (54), ek út Easterein, prate we net allinne oer de kick fan it aaisykjen, mar ek oer de gefolgen fan it aaisykferbod. Eddy makket diel út fan it haadbestjoer fan de BFVW, is foarsitter fan de neisoarchkommisje fan de BFVW en foarsitter fan de Fûgelwacht De Fjouwer Doarpen yn Itens. Yn 2002 en 2006 fûn er it earste aaike fan De Fjouwer Doarpen, dêr't neist Itens ek Hinnaard, Rien en Lytsewierrum diel fan útmeitsje. Gerard is neisoarchkoördinator fan de Fûgelwacht Easterein. It is de fjildminken net allinne te dwaan om it finen fan de aaike. De

measte tiid binne se as neisoargers yn it lân om de nêsten mei stokken te markearen, sadat de aaike beskermde wurde by de aktiviteiten fan de boeren yn it lân. Dy neisoarch is fan grut belang foar de greidefûgelstân, sa fine Gerard en Eddy. „It is oardelwike genietsje fan it aaisykjen en we binne krapoan trije moanne dwaande om de nêsten te beskermjen”, fertelt Eddy.

Kompetysje

Yn de natuer wêze en besykje dat earste aaike te finen. It is net allinne in ûnderlinge kompetysje, mar it is ek in kompetysje mei de fûgel. „De ljip sil der alles oan dwaan om dij te mislieden. As der gefaar drijet, immen sjocht oankommen, dan giet de ljip ûnopfallend, troch bygelyks leech oer de grûn te fleanen, fan it nêst ôf om de aaisikers op in dwylspoor te bringen”, jowde de twa natuerminken oan. It giet om de spanning. It finen fan in aaike jout in euforysk gefoel. „As ik in aaike fyn, dan rin ik der earst in pear kear omhinne, wol it fan alle kanten goed besjen”, seit Gerard. Hielendal út 'e skroeven is de aaisiker as er it earste aaike fynt. „Sjoch it as SDS yn de njoggentichste minút yn in wedstriid tsjin It Hearrenfean de winnenden goal

makket.”

Dat it somtiden bêst wol dreech is om in aaike te finen blykt wol út de ferhalen. Sa hie Gerard in jier of wat lyn syn sin setten op in aaike, dat oan de noardeastkant fan Wommels earne yn it lân lizze soe. It slagge net. Letter waard it aaike troch in oar midden yn de nijbou fûn, twa meter fan de dyk. „Je litte mear aaien lizze dan as je fine”, sa folt Eddy oan.

De tsjinstanners fan it aaisykjen jowde oan dat it meinimmen fan aaien negative effekten hat op de fûgelstân. Eddy en Gerard bestride dat ferhaal. Ut ûndersyk soe bliken dwaan dat troch it meinimmen fan de aaike - der is yn Fryslân in kwotum ôfpraat fan sa'n 5500 ljipaaïen - eins hielendal gjin effekt hat op de ljippenstân. De grutste ôfname fan it tal ljippen komt troch it ûntensive agrarisch gebrûk fan it lân en de predaasje. „Yn de rest fan ús lân giet it ek net goed mei de ljip en dêr mei al jierren net nei aaien socht wurde”, seit Eddy. „Spitich, it ljipaaisykjen is in juridysk stekspul wurden.”

De twa Eastereinder natoerleahawwers binne bang dat de belangstelling foar de neisoarch werom rinne sil as der net mear aaisocht wurde mei. Aaisykjen en neisoarch is oan elkoar keppele. „As it sa troch giet binne der oer tritich jier gjin neisoargers mear”, jout Gerard oan. De sifers ûnderbouwe de delgong fan it tal leden fan de BFVW mei in aaisikerspas neisoarchpas. Yn 2015 wiene dat der noch 4700, op it stuit binne dat der 4200. In weromgong fan fiifhûndert.

skilder nedich
www.skilder.nl
schilder nodig

uw voeten in goede handen

Clara

Medisch- en oncologisch
voetverzorgverlener

Breed gespecialiseerd in behandeling:
diabetes, reuma, oncologie en overige risicovoeten.

Tjessingawei 8 Hilaard
Mob: 06-55 56 44 08
Tel: 058-251 93 78

www.pedicurepraktijkclara.nl

LYTSE DOARPEN

Rintoertocht

25 / 40 km

Zaterdag 16-04-2016 in ITENS

www.lytsedoarpenrintoertocht.nl